

Simmer 2000

B Am B Am B
wer werom nei Fryslân Henk Kroes woe dat sa ha
B Am Am B
efkes yn it heitelân dat like my skoan ta
Em B Em B
de smaak fan wyn en wetter dy haw ik hjir wer preaun
Em Am Am B
't is goed,mar 't kin noch better, oars wie ik hjir wol bleaun

refr: *oeral feest, ja, is 't net machtich* A E
dit is Fryslân op syn bêst B7 E
simmer twatûzen, 't klinkt sa prachtich A E
mar siz no sels: 't wie kleare hjerst! G Fis7

famylje, âlde freonen it makket my sa bliid
mar wêr 't se hieltyd bleaunen, sy hiene hast gjin tiid
revu, toniel en feesten alle jûnen op in paad
ik haw dus mei de measten dizze tiid mar amper praat

refr:

hjir ha'k myn earste tût hân fan in faam dy 'k no wer socht
Gurbe, fan omrop Fryslân hat ús wer by'noar brocht
dat wie mear as ik ferwachte mar ik hymje no noch nei
want sy rûn dy deis de Slachte en ik moast wol mei har mei

refr:

simmertime, lâns keunstkiij toere 'k bin oeral hinne flein
'k siet moarns om fjouwer oere al by Orfeo yn 'e rein
aktiviteiten by de rûs alles liket like bêst
mar ik wol wol wer nei hûs dan kom ik wer yn de rêst

Fryslân feroare in hieleboel C G
yn al dy tiid dat ik fuort wie Bes F
mar my bekrûpt wer dat gefoel C G
dat my bekrûpte doe 't ik eartiids gie Bes F E7

refr: *wat in feest, ja, is't net machtich* A E
dit is Fryslân op syn bêst B7 E
simmer twatûzen, 't klinkt sa prachtich A E
mar siz no sels: 't wie kleare hjerst! G Fis Bm9